

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier Tekoart soarchpersoneel plattelân
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>FNP hat kundskip naam fan it berjocht op Omrop Fryslân dat guon soarchynstelling op it plattelân minder maklik oan persoaniel komme kinne. De FNP fynt it tige wichtich dat de soarch en soarchfoarchfoarsjennings foar elts goed berikber is en bliuwt, ek op ús Fryske plattelân.</p> <p>Ut de berjochten docht nammentlik bliken dat it ferfier fanút it wenplak fan mooglike persoanielsleden, nei de de soarchynstellings op it plattelân in knipepunt is.</p> <p>Der wurdt hjirby ek ferwiisd nei de provinsje omdat dy ferantwurdlik is foar it Iepenbier Ferfier.</p> <p>Datoangeande hawwe wy de neifolgjende fragen foar Deputearre Steaten:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is DS bekend mei de berjochten op Omrop Fryslân dat de soarch op it plattelân dreger wurdt fanwege personeelstekoart?2. Is DS mei de FNP fan betinken dat plattelânsbewenners krekt sa goed rjocht hawwe op berikbere- en beskikbere soarch as minsken yn de stêden?3. Is DS ree om mei de belutsen soarchynstellingen en de ferfierders yn petear te gean om te besjen wat fanút de OV taak fan de provinsje bydroegen wurde kin oan dit probleem?4. Sjocht DS noch oare mooglikheden om hjirby gemeenten en soarchynstellings te stypjen yn it oanlûken fan foldwaande persoaniel?5. Is DS ree om PS nei ferrin hjirfan oer de útkomsten fan dit oerlis te ynformearjen?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	03-11-2018
-------	------------